

## Tekst 1

### Taalbelied

- 1 Okkerdeis wiene wy, alhiel tsjin ús gewoante yn, in wykein fuort. De sneintemoarns  
giene wy lykwols, lykas oars, nei tsjerke, yn dit gefal de pleatslike Samen-op-Wegtsjerke.  
Dy gemeente hie, sa fertelde in freon ús de sneontejûns, sûnt koarten in nije dûmny, ien mei  
in hiel positive hâlding foar it Frysk oer. Nei in healjier brûkte er yn de tsjinsten
- 5 konsekwint de Fryske en de Hollânske bibeloersetting, de beide lieteboeken en yn it  
pastoraat wie de lokale fariant fan it Frysk, it Súdwesthoeksk, al ridlik gau de omgongstaal.
- 2 De tsjinst wie treflik, dat ik komplimintearre by de útgong dûmny mei syn preek en it  
linich brûken fan de beide talen. Myn Frysktalige freon die der ek sines ta, mar ta myn  
fernuvering wiene syn opmerkings yn it Hollânsk. As ús yn de tsjinst net foarholden wie om  
de namme fan de Hear net te misbrûken, hie ik in raar wurd sein. No mompele ik yn mysels  
10 dat it healslachtige taalgedrach fan myn maat in dúdlik foarbyld wie fan de kromwoeksen  
realiteit dêr't dûmny Bernard Smilde<sup>1)</sup> it ris oer hie.
- 3 As yllustraasje fan dy realiteit twa foarbylden. As earste de gewoante fan in hiel soad  
Frysktaligen om it berjocht fan it antwurdapparaat yn it Hollânsk yn te sprekken. My tinkt  
15 dat de lju der gjin noasje fan hawwe dat hja by dat ynsprekken 'stjoerd' wurde troch in  
ferskaat fan (ferburgen) sosjaal-psychologyske prosessen. As twadde it feit dat de measte  
Frysktalige tsjerkegongers harren yn de rin fan de tiid, troch bygelyks de 'Statenvertaling'  
fan 1637, sa yndoktrinearje litten hawwe dat hja tinke dat in Hollânsktalige tsjinst moaier  
en foaral frommer is.
- 4 20 It foarfaltsje dat hjirboppe beskreaun is, kaam my yn 't sin by it lêzen fan de Konzept-  
Nota Taalbelied Provinsje Fryslân 2003-2007. Yn dy nota is oanjûn hokfoar belied en  
maatregels oft de provinsje foar eagen hat yn it ûnderwiis, de soarch en de gemeenten.  
Dêrnêst wurde inkelde opmerkings makke oer ict, it Berie foar it Frysk en it ynterne  
taalbelied fan de provinsje. Dan folget in oersjoch fan de minsken en middels (struktureel  
25 giet it om ryklik € 700.000,-). Ta beslút folgje fjouwer bylagen, bygelyks it taalstatút foar  
Tresoar<sup>2)</sup>. Mannich ynstitút yn Fryslân soe dat as foarbyld brûke kinne.
- 5 It Frysk sil it, yn de tsjintwurdige iepen wrâld, net rêde sûnder ekstra stipe. Yn de  
taaltún moat it iene blomke, it Frysk, ekstra omtinken krije, wylst it oare, it Hollânsk, sa no  
en dan wat snoeid wurde moat. Dy help foar it Frysk is yn de nota Taalbelied oer it generaal  
30 aardich dúdlik omskreaun en mei de ynset fan in hiel soad middels en minsken mei men  
ferwachtsje, dat der oan de ein fan 2007 feroarings te merken wêze sille. Dat it kolleezje en  
de steaten op 'e nij aktyf taalbelied fiere wolle, fertsjinnet alle lof, mar it is de fraach oft  
myn freon troch sa'n plan syn hâlden en dragen oangeande it Frysk feroarje sil. Om earlik te  
wêzen leau ik der gjin sprút fan. 'Bekearing' bart net op grûn fan nota's.
- 6 35 Ik leau, mei op grûn fan in hiel soad stúdzjes oer ynnovaasje en ûnderfining, wol yn  
adaptive begelieding, dat wol sizze: begelieding dy't him rjochtet op de yndividuele skoalle  
mei syn eigen mooglikheden en swierrichheden. Oars sein: in foarm fan begelieding dy't dy  
skoalle op ferskate nivo's – yn de groepen, mei it hiele team, mei de (boppeskoalske)  
direksje en it bestjoer, op âlderjûnen en mei learmiddels – helpt om de stelde kearndoelen  
40 foar it Frysk op in konkrete en passende wize te berikken. Neffens my soene de provinsje  
en GCO<sup>3)</sup> Fryslân dêr in grut part fan har kaarten op sette moatte. Wachtsje asjebleaf mei it  
oanstellen fan koördinatoaren; ferwachtsje net al te folle fan taalbeliedsplannen en leau net  
dat it ûntwikkeljen en meitsjen fan in nije metoade de oplossing wêze sil.
- 7 Op side 6 fan de nota steane opmerkings oer it funksjonearjen fan in taal yn it libben fan  
45 in minske. It giet bygelyks oer de earste taal 'dy't it tichtst by de minske stiet'. Op de side  
dêrnei wurde de kearnsifers út taalsjologysk ûndersyk neamd. It is it gewoane rûfeltsje

noot 1 Bernard Smilde = bekende dûmny dy't in soad dien hat foar it plak fan it Frysk yn tsjerke

noot 2 Tresoar = it Frysk histoarysk en letterkundich sintrum; argyf, bibleteek en letterkundich museum

noot 3 GCO = Gemeenschappelijk Centrum voor Onderwijsbegeleidingsdiensten in Fryslân

dat wy al withoefaak heard hawwe. Hyltyd mear kom ik ta de oertsjûging dat wy it Frysk (op skoalle) tefolle beheine ta in ûnderwiiskundige kwestje. Guon binne fan betinken dat it probleem fan it Frysk (op skoalle) oplost is as (hast) alle bern dy taal oan de ein fan it

50 basisûnderwiis ferstean, lêze, prate en skriuwe kinne. Dat soe yndied hiel aardich wêze, mar my tinkt dat de opfieder folle fierder sjen moat as syn noas lang is. It giet him net om it Frysk, mar om it bern. De opfieder moat yn heldere termen formulearje kinne dat it goed is foar de identiteits-ûntwikkeling fan bern dat hja – ek yn de kromwoeksen realiteit fan hjoed de dei – yn 'e kunde komme mei it Frysk en kennis opdogge fan Fryslân, bygelyks de

55 skiednis.

8 Dy't sa redenearet, leit it Frysk gjin omkromte by, mar set it yn in opfiedkundich, better sein in kultuerfilosofysk ramt, en dat is wêr't ik op ta wol. Der is literatuer genôch dy't ús helpe kin om te kommen ta sa'n pedagogyske ferantwurdiging en in kultuer-filosofyske basis datoangeande. Ik tink bygelyks oan de sammele artikels fan Freark J. Bergstra, *Skiep binne*

60 *der inkeid om skeard te wurden* en de biografy oer de (taal)filosoof Cornelis Verhoeven. Beide boeken befetsje safolle filosofyske en pedagogyske wiisheden dat ik derfoar pleitsje wol om dy útjeften, op in lytse wurkkonferinsje, te brûken foar it ûntwikkeljen fan in earste oanset fan it troch my bedoelde ramt. Dêrnei sille wy ta konkretisearings en útwurkings foar it ûnderwiis komme moatte. Sa kinne wy, op termyn, net allinnich op papier, mar ek yn

65 de praktyk ta echt taalbelied komme.

*nei: Koen Zondag, De Pompeblêden, 2003*

## Tekst 2

### MEARTALIGENS YN IT ALFABETISEARRINGSWURK

*By it sympoasium 'Meartaligens yn de basisedukaasje' (novimber 1995) gong deputearre Bertus Mulder mei in taspraak yn op it plak fan it Frysk by it lêzen en skriuwen learen by analfabeten.*

- 1 By gelegenheid fan de gearkomste oer de negative útslach fan in ûndersyk nei it alfabetisearingswurk yn Fryslân seine wy tsjin de lesjouwens: witte jimme eins wol dat fierút de measte folwoeksenen oan wa't jim les jouwe, net Hollânsktalich binne? Hawwe jimme wol echt stilstien by de minsken sels, har kundichheden, har ûnderfinings, har
- 5 libben? Of jouwe jimme samar les út in boekje, sûnder de minsken acht te slaan? En as jimme sizze út te gean fan it prinsipe fan it 'ûnderfinend learen', soe dat dan gjin ynfolling krije moatte foar harren twatalige situaasje? Of dogge jimme dêr neat oan om't jimme dat net kinne?
- 2 Ien fan ús oanbefellings doe wie, dat der in kursus 'deskundigheidsbevordering
- 10 tweetaligheid' komme moast. Ik wie ek fan betinken dat der lesmateriaal komme moast, 'lesmateriaal, dat naast taaldidaktisch materiaal ook informatie moet bevatten over taal, taalbeleid en tweetaligheid'.
- 3 Dat wie, al sis ik it sels, in aardige oanrikkemandaasje. Aardich, om't er in ferfolch krige.
- 4 15 Alderearst yn in proefkursus Frysk foar de lesjouwens. Dêr haw ik op 'e nij in lytse enkête holden ûnder de dielnimmers. Dat wie in betreklik lytse groep fan ynteressearre froulju, Frysk- en Nederlânsktalich.
- 5 Twa opmerkings nei oanlieding fan dy sessy:
- alderearst de konklúzje dat it miskien wol goed wie dat de minsken dy't by har in
- 20 kursus folgen, learden om Nederlânsk te skriuwen, mar dat it eins folle mear fan belang wie dat se learden har te uterjen, foar harsels op te kommen, en dat it winliken miskien folle mear gong om sosjale feardichheden as om (technyske) taalfeardichheid.
- 6 • yn it twadde plak dat der ferskil waar te nimmen wie tusken Frysk- en
- Nederlânsktalige dosinten oer de rol fan de taal by de kursisten. De Frysktalige lesjouwens
- 25 ferbûnen de taal earder mei de maatskiplike posysje fan de minsken en fan dêr út wei hienen se mear each foar de dûbelslachtige wurdearring fan harren Frysktalige kursisten foar har eigen taal oer; de minderwaardigens dy't se fielden om't se gjin lêzen en skriuwen

# Eindexamen Fries vwo 2005-I

havovwo.nl

leard hienen, waard fersterke om't se har ek noch skammen dat se gjin Hollânsk prate koenen. De Nederlânsktalige lesjouters makken taal en posysje earder fan elkoar los.

7 30 Noch wer letter is yn it ramt fan in Europeesk programma wurke oan in grut projekt oer analfabetisme. Dat projekt is ôfsletten mei in ynternasjonale konferinsje. Nico Visser sei it by dy gelegenheid sa:

8 "De winsk om goed Nederlânsk te learen is by minsken dy't net lêze of skriuwe kinne, tige grut. Alderhande beweegredenen spylje dêr yn mei. It gefoel minder wurdich te wêzen, 35 of sels minderwaardich, libbet oe sa by dy minsken. Guon jouwe de skuld oan it feit dat se Frysktalich binne. It is fan belang om yn dy groepen mei dy kursisten de learfraach ernstich te nimmen en dêrneist te wurkjen oan de eigen identiteit, keppele oan de eigen mooglikheden en dat is ek de eigen taal, de memmetaal om sa te sizzen."

9 Fierstente faak hawwe de minsken dy't op in alfabetisearringskursus komme, mar mei 40 ien faset fan de taal te krijen hân: de stavering! Prate en harkje, dat kin elkenien wol. Mar dat ferrekte lêzen en skriuwen . . !

*nei: Bertus Mulder, Taalpolityk, Boalsert 1997, s. 89-91*

## Tekst 3

### Taal is mear as saaklike ynformaasje

*Yn de njoggentiger jierren, yn de jierren fan de fierdere ienwurdiging fan de Europeeske Uny, waard der troch Nederlanners yn de media in soad praten en skreaun oer it ferdwinen fan it Nederlânsk. Deputearre Bertus Mulder fan kultuer woe dêr nei in reis bûten de Nederlânske en Europeeske grinzen wolris wat tsjin ynlizze.*

1 In soad minsken tinke dat grutte talen de takomst hawwe. Lit ús bygelyks it Nederlânsk, c.q. it Frysk mar oerjaan, lit ús oergean op it Ingelsk. De wrâld wurdt ommers hyltyd grutter; kommunikaasje wurdt makliker as wy allegear ien taal prate. Lit ús ús dêrom net dogmatysk mar foaral soepel opstelle. Ut dy hâlding wei wurdt de eigen taal al gau as in anagronisme<sup>4)</sup> beskôge. "Let's 4 *speak English and forget about the rest*".

2 Ingelsk is in wrâldtaal. It machtige Grut-Brittanje fersprate it Ingelsk oer de hiele wrâld, nei Kanada, Amearika, Súd-Afrika en Australië ta. In wrâldtaal, in taal mei macht en oansjen. Mar, nuver genôch foar de minsken dy't tinke dat lytse talen mar oerjûn wurde moatte, dochs net de taal fan elk yn it Ingelske eilanneryk. Yn Grut-Brittanje binne yn parten fan Skotlân, mar foaral yn Wales, gâns minsken foar wa't it Ingelsk 'noch hyltyd' net de earste taal is. Sterker noch: doe't ik in tal jierren lyn op besite wie yn Wales, wienen krekt de lêste sifers fan de folkstelling bekend wurden. Ta myn ferrassing die bliken dat it persintaazje Welsh-sprekkers oanwûn wie. Dat, hielendal net "*let's speak English and forget about the 5 rest*". It plak fan it Welsh wie sterker wurden.

3 In oare ûnderfining: de lêste simmerfakânsje holden wy yn Australië ta. Australië is lid fan it Gemenebest, en dus

Ingelsktalich. Dat jildt likegoed foar de media as foar it ûnderwiis. Ymmigranten wie yn de fyftiger jierren boppedat foarholden dat se sa gau mooglik op it Ingelsk oerstappe moasten. Wy ferwachten yn in lân te kommen dêr't oare talen as it Ingelsk gjin rol yn spylje. Wêrom soenen minsken har ek net oerjaan oan de taal fan harren nij heitelân?

Mei dat idee gongen wy der hinne. Doe't wy werom wienen, wisten wy better. It belied om minsken op it spoar fan it Ingelsk te setten wie by eintsjebeslút mislearre. Der besteane yn Australië grutte taalminderheden. Yn in stêd as Melbourne wenje in pear hûnderttûzen Griken dy't 'noch hyltyd' Gryksk prate. It giet net om minsken dy't dêr krekt kommen binne te wenjen, mar om de fiifde generaasje Griken yn Australië. En dat jildt foar mear taalminderheden. It Australysk regear hat dêrom de taalpolitike koers folslein feroare. Op in útstalling yn Sydney oer de Australyske identiteit wurdt dat sa omskreaun: "*Being able to speak more than one language is important to many people and is also important as a national resource for 5 Australia*".

Dêrom is it taalûnderwiis feroare. Australiërs kinne harren net genôch rêde mei inkeld Ingelsk. Yn it ûnderwiissysteem waard de ferplichting opnommen om op syn minst ien frjemde taal te learen, lykas Japansk,

noot 4

anagronisme = net passend yn dizze tiid

Yndonesysk, Spaansk of Vietnameesk. Foaral it Sineesk is wakker populêr. Fierders waard in minderhedepolityk op priemmen setten. Der binne periodiken yn sa'n 200 ferskillende talen en yn de media wurdt tsjintwurdich fia 'special broadcasting'-programma's de romte jûn oan in grut tal talen. Der wurdt plak ynskikt foar minderheidstalen yn ûnderwiisprogramma's. Wetten wurde yn ferskillende talen ôfkundige.

6 Ik neam dy ûntjouwingen om te ferdúdlikjen dat der net yn Ingelân en ek net yn Australië sprake is fan in dúdlike fersterking fan de dominante taal (Ingelsk) en ôfbraak fan 'minderheidstalen'. Krektoarsom. Sa't it skynt is der mear te rêden mei taal. Sa't it skynt is taal mear as in 'effisjint kommunikaasjemiddel'.

7 Taal, sa soe ik stelle wolle, ferwiist altyd nei ferskillende libbensdomeinen. Taal wurdt brûkt yn de húshâlding, op skoalle, yn freonerûnten, by sportferieningen, yn it sakelibben en yn de wittenskip. Ien fan de slimste misferstannen mei taal is dat de taal yn dy ferskillende domeinen altyd deselde wêze (moatte) soe. Latyn spile ieuwenlang in grutte rol yn de wittenskip en docht dat noch yn de wrâld fan teology en medisinen. Frânsk wie lang de taal fan de ynternasjonale diplomaatsy. Ingelsk wie de taal fan de ynternasjonale hannel, Dútsk is de taal fan it kommande Europa.

8 Yn dy sfearen hat de taal primêr in funksjonele betsjutting; oer de grinzen fan de eigen taal hinne foarmje dy talen in saaklik kommunikaasjemiddel. Mar foar oare domeinen leit dat oars. De taal dêr't men mei opgroeit, is tige nei ferbûn mei de húshâlding dêr't men yn opgroeit. Dy taal stiet foar de yntimiteit en fertroudens fan dy omjouwing, dy't fansels breder is as inkeld de eigen húshâlding. De earste taal fertsjintwurdiget solidariteit en werkenning. En dat ferklearret foar in part wat de taalkenner Douwe Tamminga oait 'de taaiheid fan de taal' neamde.

9 Dat jildt ek foar it Frysk. Yn 1998 bestienen de Steaten fan Fryslân 500 jier. It Nederdútsk, letter Nederlânsk, hat al dy jierren de dominante taal west yn de polityk, de rjochtspraak, it leger, it ûnderwiis en ek de tsjerke. Ek al is it Frysk as skriuwtaal ferdreaun út Kânselarij en gritenijen, der is dochs altyd in lytse stream skriftlik Frysk bestean bleaun dy't syn woartels fûn yn it sprutsen Frysk. Nei fiifhûndert jier moatte wy

nei de útkomsten fan in taalûndersyk fan de Fryske Akademy út 1994 fêststelle, dat wy ek hjoed de dei yn in twatalige provinsje wenje en boppedat, dat de taalferhâldingen opmerklik stabyl binne. De sombere ferwachtingen fan Wassenbergh, heechlearaar oan de ein fan de 18-de ieu, en in ieu letter fan Waling Dykstra en Piter Jelles Troelstra oer de takomstige ein fan it Frysk, binne net útkommen.

10 De wrâld wurdt hyltyd grutter. CNN kin yn alle wenkeamers ûntfongen wurde. Dy ûntjouwing liket foarút te wizen nei ienfoarmigens en ientaligens. Mar dat is in te simpele foarstelling fan saken. Yn dizze moderne tiid besteane der tal fan op syn minst like fûnemintele prosessen dy't ta hiele oare konklúzjes liede. Op it foarste plak de demokratisearing fan it politike en maatskiplike libben. Oant de ynfiering fan it algemien kiesrjocht ta wie it de hegerein dy't bepaalde wat der praat en skreaun waard. Pas mei it opkommen fan it liberalisme, de arbeidersbeweging en de striid foar it algemien kiesrjocht, krige de folksynfloed in kâns. Nei de ynfiering fan it algemien kiesrjocht fan 1917 waard de Fryske taal in polityk ûnderwerp. Dêrby gong en giet it noch hyltyd om it goed rjocht om yn Fryslân it Frysk te brûken. Om net langer in analfabeet yn eigen taal te wêzen.

11 Fan grut belang hat dêrby west dat gewoane minsken, dy't eartiids mar in pear jier ûnderwiis hân hienen, trochlearden, sadat se har net mear sa ôfhinklik fielden fan it gesach en har hyltyd frijer fielden om it Frysk te brûken. Dy't tsjintwurdich op in tsjerkhôf om him hinne sjocht, sil opmerke dat de Fryske grêftekten fan de lêste desennia binne. Eartiids wie soks 'not done'.

12 Op it twadde plak liedt mondialisearing net samar ta ienfoarmigens en ientaligens. It liket der op dat de wrâld ien grut doarp wurdt, dêr't mar ien taal by past. Mar passe der minsken yn dat grutte doarp, dat tekene wurdt troch oarloch, hongersneden, moardnerijen, falutakrises, wurkleazens en politike skandalen? Hoe fertroud is dy wrâld? En hoe is dy te fertrouwen? De mondialisearing fan de wrâld liedt net samar ta in ôfnimmend ferlet fan fertroudens, fan in eigen sfear. Krektoarsom: it liket der op dat taal en taalidentiteit punten fan werkenning wurde yn in wrâld dy't hyltyd grutter wurdt. En it liket my ta dat dat de reden is, dat it tal bibeloersettingen noch hyltyd oanwint.